

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje. Dêrmei ferbynt en ferrikt de Omrop elkenien dy't him mei Fryslân ferbûn fielt.

**Omrop Fryslân siket in**

# HAAD PUBLYK (32/36 OEREN WYKS)

De ôfdieling Publyk is in nije ôfdieling dy't bestiet út marketing & kommunikaasje, foarmjouwing, social media & ynteraksje en publyksservice. De ôfdieling Publyk werft, berikt en belûkt it publyk by de Omrop. As haad Publyk bisto de spil om de ferhalen by ús publyk te bringen en om it publyk mei de Omrop te ferbinen.

Liket it dy in moaie útdaging om lieding te jaan oan dizze nije ôfdieling? Kom fierder!

## Oer Omrop Fryslân:

Mei meiwurkers fan alle ôfdielingen en stakeholders is de ôfrûne oardel jier yntinsyf gearwurke oan in nije misje, fyzje en strategy. It nije strategysk plan 'Kom Fierder' stiet de kommende jierren sintraal mei trije pylders, te witten: Ferhalen, Publyk en Middels. Der is in nije wurkwise formulearre, dêrby stiet de eigen ferantwurdlikheid fan de meiwurkers, it selsstannich en profesjoneel wurkjen foarop!

We wolle ús noch sterker as foarhinne ferbine mei ús publyk, oanwêzich en sichtber wêze.

Om ynfolling te jaan oan it strategysk plan en om oan dizze nije ôfdieling foarm te jaan, sykje wy in krêftige en ferbinende haad Publyk.

## As haad publyk fan Omrop Fryslân:

- Wurkesto op in stimulearjende en coachende wize en jousto lieding oan de ôfdieling
- Bisto fanselssprekkend op 'e hichte fan de lêste ûntwikkelingen op it mêd fan (online) marketing en publisiteit
- Bisto de ferbiner tusken it publyk en de ferhalen
- Fertsjinwurdigesto de Omrop yn eksterne gearkomsten
- Bisto lid fan it MT en bepaalt mei de begutting en fertaalst dy yn jierplannen
- As MT-lid bisto mei ferantwurdlik foar de strategy en kontinuïteit fan Omrop Fryslân
- Hasto akademysk wurk- en tinknivo en minimaal 3 jier relevante wurkûnderfining

Dêrneist praatsto Frysk of bist ree om dat te learen en wennest yn Fryslân of bist ree hjir te wenjen.

## As lêste:

- Do krigest in passend lean neffens de "cao voor het Omroep personeel" yn skaal J.
- Dêrneist biede wy goede sekundêre arbeidsbetingsten lykas in ûnkostefergoeding, in fytsplan, wurkfruit en is der in protte romte om dysels te ûntwikkeljen.

Is dit dé baan dy'tstô sikest, dan nûgje wy dy fan herte út om te sollisitearjen!

**Stjoer dyn sollisitaasje foar freed 23 oktober oankommend nei Fokelina de Boer, adviseur P&O, fia [P&O@omropfryslan.nl](mailto:P&O@omropfryslan.nl)**

Foar mear ynformaasje oer dizze funksje kinst kontakt opnimme mei Nina Hiddema, direkteur, tel. 058 2997799.

De telefoanyske útnûgingen foar de petearen binne op moandei 26 oktober oankommend. De earste petearen binne yn wike 45 op moandei 2 en woansdei 4 novimber.

*Dizze fakatuere is yn- en ekstern iepensteld. By lykweardige geskiktheid hawwe de ynterne kandidaten foarrang. In assessment kin diel útmeitsje fan de proseduere. Akwisysje wurdt net op priis steld.*